# PARSEBERJOCHT
17 maaie 2018

## Nij radioprogramma by Omrop Fryslân: Casa Ennema

**Omrop Fryslân komt mei in nij radioprogramma mei in soad muzyk fan Fryske boaiem: Casa Ennema. It programma mei presintator Eric Ennema is fan tiisdei 22 maaie ôf alle wurkdagen tusken 19.00 en 20.00 oere te hearren. Nei it programma Weistra op wei dat in oere langer wurdt. Mei Casa Ennema biedt Omrop Fryslân in nij poadium foar muzyk fan Fryske artysten en talint; fan Frysktalige lústerferskes oant Ingelsktalige popmuzyk fan Fryske boaiem.**

**Casa Ennema**
Neffens Eric Ennema is der mei Casa Ennema keazen foar in radioprogramma foar in breed publyk fan minsken dy't de Fryske muzyk in waarm hert tadrage. "Ik haw altyd al in passy hân foar Fryske muzyk en bin tige bliid mei dizze kâns om yn de grutte behoefte fan de harkers te foarsjen. Oft it no rock, pop of lústerferskes binne, it komt allegearre oan bod. Komt der in nij album út fan Elske DeWall, dan hearst dat fansels yn Casa Ennema. Boppedat biede we mei it programma ek in poadium foar nij talint." Dêrneist fertelt Eric de ferhalen efter de muzyk. "Ik fyn it wichtich om de muzykleafhawwer mei te nimmen yn de muzyk en ek de ferhalen dêr omhinne."

Casa Ennema wurdt alle wurkdagen fan 19.00 oere ôf útstjoerd, nei it programma Weistra op wei fan presintator Harm Weistra. Dat programma wurdt fan 22 maaie ôf in oere langer, fan 16.00 oant 19.00 oere. Harkers wurde dêrmei ek yn de jûnsspits of by it iten noch bypraten oer it lêste nijs.

**De lêste Radio Froskepôle**
Tongersdei 17 maaie wurdt feestlik ôfskied nommen fan it programma Radio Froskepôle mei in lêste útstjoering mei live muzyk. Ynisjatyfnimmer en presintator Gurbe Douwstra sjocht yn in artikel op Omropfryslân.nl en de Omrop-app noch in kear werom op it programma mei muzyk yn streektalen. "Fan Drinte oant Limboarch, oeral ha ik no streekartysten dy't ik ken." Hy fertelt yn it artikel ek oer ien fan syn moaiste oantinkens oan de 19 jier dat it programma bestiet: "Yn juny 2014 wie de 1500ste útstjoering fan Froskepôle. Dy ha ik presintearre mei kollega's Henk Scholte fan RTV Noord en Bert Kamping fan RTV Drinte. Alles stie yn it teken fan streektaal. Dat wie sa moai!" Freed 18 maaie giet Gurbe mei pensjoen as radiopresintator, nei de 2484ste útstjoering fan Radio Froskepôle.

---

**Noat foar de redaksje:**
Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

# PERSBERICHT

17 mei 2018

## Nieuw radioprogramma bij Omrop Fryslân: Casa Ennema

**Omrop Fryslân komt met een nieuw radioprogramma met veel muziek van Friese bodem: Casa Ennema. Het programma met presentator Eric Ennema is vanaf dinsdag 22 mei iedere werkdag tussen 19.00 en 20.00 uur te horen. Na het programma Weistra op wei dat een uur langer wordt. Met Casa Ennema biedt Omrop Fryslân een nieuw podium voor muziek van Friese artiesten en talent; van Friestalige luisterliedjes tot Engelstalige popmuziek van Friese bodem.**

**Casa Ennema**

Volgens Eric Ennema is met Casa Ennema gekozen voor een radioprogramma voor een breed publiek van mensen die de Friese muziek een warm hart toedragen. “Ik heb altijd al een passie gehad voor Friese muziek en ben erg blij met deze kans om in de grote behoefte van de luisteraars te voorzien. Of het nu rock, pop of luisterliedjes zijn, het komt allemaal aan bod. Komt er een nieuw album uit van Elske DeWall, dan hoor je dat natuurlijk in Casa Ennema. Bovendien bieden we met het programma ook een podium voor nieuw talent.” Daarnaast vertelt Eric de verhalen achter de muziek. "Ik vind het belangrijk om de muziekliefhebber mee te nemen in de muziek en ook de verhalen daar omheen.”

Casa Ennema wordt iedere werkdag vanaf 19.00 uur uitgezonden, na het programma Weistra op wei van presentator Harm Weistra. Dat programma wordt vanaf 22 mei een uur langer, van 16.00 tot 19.00 uur. Luisteraars worden daarmee ook in de avondspits of bij het eten nog bijgepraat over het laatste nieuws.

**De laatste Radio Froskepôle**

Donderdag 17 mei wordt feestelijk afscheid genomen van het programma Radio Froskepôle met een laatste uitzending met live muziek. Initiatiefnemer en presentator Gurbe Douwstra kijkt in een artikel op Omropfryslân.nl en de Omrop-app nog een keer terug op het programma met muziek in streektalen. "Van Drenthe tot Limburg, overal heb ik nu streekartiesten die ik ken." Hij vertelt in het artikel ook over een van zijn mooiste herinneringen aan de 19 jaar dat het programma bestaat: “In juni 2014 was de 1500ste uitzending van Froskepôle. Die heb ik gepresenteerd met collega's Henk Scholte van RTV Noord en Bert Kamping van RTV Drenthe. Alles stond in het teken van streektaal. Dat was zo mooi!" Vrijdag 18 mei gaat Gurbe met pensioen als radiopresentator, na de 2484ste uitzending van Radio Froskepôle.

---

**Noot voor de redactie:**

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.